

# **Fryske Krite Hoarn**

## **“Troch de Tael Forboun”**

### **Y N H A L D** oktober 2019

Ledeberjochten.....	5
Ferlotting en tagongsprizen.....	7
Útnoeging foar 26 oktober 2019 .....	8
Gedicht ‘De âlderwetske klok’ .....	10
De Alvestêdetocht .....	11
Douwe Egberts punten .....	13
De wurklist winterskoft 2019-2020 .....	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn .....	16

*Kvk. Nummer: 5324 1274*

*Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77*

*Lid fan It Frysk Boun om Utens*

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

# Fryske Krite Hoarn

## “Troch de Tael Forboun”

*Oprjochte 1911*

---

Oan ús kriteleden en freonen,

It is ien fan de lêste moaie simmerdagen tink ik sa, as ik dit stikje skreau foar ús krite krantsje. Op 21 en 22 septimber de hiele middei bûten sitten yn de sinne. No sil de hjerst begjinne seit Weeronline. De hjerst hat ek syn moaie tiden. Ja, ja de tiid fljocht en as men âlder wurd, liket it noch hurder te gean. It wie in moaie sinnige simmer.

Genôch om fan te genietsjen, fan blomte en grien en miskien fan in moaie fyts- of boattocht. Mar ek om eigen hûs en hear is it moai.



Sa tusken troch tinke wy as bestjoer al wer nei oer de kommende krite jûnen. Wat komt der op de planken, hoefolle minsken sille der komme. Mar ek hoe sil alles betelle wurde, want alles wurd djoerder. We tarre wol yn. Sa koene jimme yn it finansjeel oersjoch fan de ponghâlder yn it krantsje fan de jiergearkomste lêze.

## *It bestjoer wol jimme, ús leden, ek graach wat goeds oan biede.*

---

Lokkich binne der it ôfrûne jier ek nije leden bykommen. Der binne wy tige bliid mei. As jimme dit krantsje krije is ús jiergearkomste al west. We sille ris hearre, wat ús leden op it bewâld fan it bestjoer te sizzen hawwe.

Wa wit, wat der foar ideeën oppere wurde en kinne wy der mei fierder. We wachtsje it ôf.

De earste grutte jûn is op 26 oktober. Dan komme Klùn en Knoffelhakke. We meitsje der mei-elkoare in moaie jûn fan mei in goede opkomst oan minsken. De muzyk wurd fersoarge troch Anjo Boonstra. Nei ôfrin kinne we yn it kafee sitte, wer Anjo dan spilet. Dat is foar eltsenien geselliger as yn dy grutte lege seal.

Foar de oare jûnen binne wy noch oan it rûn sjen. We sille hjir en der hinne om nei't ien en oar te sjen. Ik hoopje jimme der op 26 oktober mear oer fertelle te kinnen en oars is it in ferrassing. Yn it begjin is it altyd in poepetoer om wat te finen. Mar it is alle jierren goed kommen en sa giet it dit jier grif ek wol. It duorret noch efkes, mar dôchs moat ik it no al yn ús krite krantsje sette.



De Culrurale Raad fan de Wieringermeer fersoarget sneintemiddei, 1 desimber, fan 14.00 oere oant 17.00 oere in Frieske middei. Der is in optreden fan Bauke Kooiker mei muzyk en Marijke

Griek oer de Hylper klaaiïng. Ek ús krite is der oanwêzich. Leden jimme binne tige wolkom yn de Cultuurschuur Loggersplein 1 yn Wieringerwerf.

Sa haw ik dizze kear alwer hyl wat letters op it papier setten. Ik skreau it earst noch âlderwetsk mei de pinne en dan op de computer. Ik mei noch graach mei de hân skriuwe.

Wy, as bestjoer, fan de Fryske Krite “Troch de Tael Forboun”, sjogge jimme graach op 26 oktober jûns om 20.00 oere yn de Huesmolen yn Hoorn.

Mei freonlike groetnis,  
Tiny Dijkstra



---

## Ledeberjochten

---

Yn de jiergearkomste is stilstien by it ferstjern fan kriteleden. De foarsitter hat de nammen foarlêzen en hat in skoftke stilte frege sadat eltsenien it in plakje jaan kin.

Wy wolle hjir de leden by namme neame:

Frou Van der Meer, Wieringerwerf Frou Alberts-Zandbergen, Hoarn De hear Bodzinga, Hoarn.
--

Tige wolkom oan ús nije leden:

- De hear en frou De Jong fan Bovenkarspel
- Frou Garcia-Bos fan Bovenkarspel



## Nij lid wurde yn 2019?

---

*Wat krijt men derfoar:*

De libbende krite 'Troch de tael forboun' organisearret troch de jierren hinne in moai programma foar it winterskoft. In toanielstik, kabaret of in sprekker oer de Fryske kultuer of skiednis. Trije kear op sneontejûn en in kear op freedtejûn mei in sprekker.

De leden binne grutsk op it yn stân hâlden fan de Fryske Taal. Derom hoopje wy dat noch in tal minsken lid wurde.

---

1923-2019

Op 19 april 2019 ferstoar de hear  
**Melle Bodzinga** op de leeftyd fan 95 jier.



Melle Bodzinga is berne op 31 augustus 1923 te Lippenhuzen. Bodzinga wie mear as 60 jier lid fan ús krite yn Hoarn. De lêste jierren kaam hy noch op de krite jûnen en dan gong syn dochter Margreet mei en op de jiergearkomste gong faaks syn lytss oan mei. Se pasten altyd tige goed op pake Bodzinga. Sa koe hy wenje bliuwe op de Willemsweg.

Wy sille Bodzinga ûnthâlde as in waarme persoan mei in protte belangstelling foar it krite.

Wy winksje de beide dochters en oare neibestenden fan Melle Bodzinga in protte sterkens ta om mei it ferlies om te gean.

Wy tinke ek oan minsken dy't op it stuit net nei de krite jûnen komme kinne fanwege sykte as oare swierrichheden. In protte sterkens tawinske.

---

## *Ferlotting en tagongsprizen*

---

### **Lidmaatskip en tagongsprizen:**

It lidmaatskip foar ien persoan is 15,00 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 5,00 euro en foar **net leden 12,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

### **De sealpriis op de grutte jûnen:**

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

### **De ferlotting yn it skoft:**

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

**Autoferfier:** Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel ([yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)).

### **Lief en Leed**

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan:  
Tine Bouman-Westra

---

## *Útnoeging foar 26 oktober 2019*

---

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 26 oktober 2019 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar it teater fan:

### **Klún & Knoffelhakke**

**mei it teater**

### **“Dikke Maten”**

As jo fanôf 1994 tegearre op 'e planken steane, dan kin it hast net oars as jo binne dikke maten wurden.

Mar... Hoe moatte wy dat lêze? Wat bedoelt it duo mei dikke? Sille wy dat dan mar oan de taskôgers oerlitte?

It programma lit him it bêste omskriuwe as typkesteater, wêryn it publyk net fergetten wurdt. En dôchs is der in reade tried, mar besykje dy tusken alle wille troch mar ris te finen...


<p><b>Lokaasje fan de Krite Hoarn De Huesmolen 60, 1625 HZ Hoorn 0229 – 234390</b></p>
--






Klún en Knoffelhakke besykje der in sjo fol mei nuvere typkes en frjemde foarfallen fan te meitsjen. Al dy frjemde fûgels ha op ien of oare wize te krijen mei in nuver aardich ferhaal, in reade tried, dy't Klún & Knoffelhakke altyd yn harren foarstelling besykje te stopjen. It duo hat eins mar ien doel: De minsken in noflike jûn besorgje!

---



De muzyk op dizze jûn wurd fersoarge troch

Anjo Boonstra



---

## *Gedicht 'De âlderwetske klok'*

---

De klok fan mem wie in juwieltsje  
dat seine al har bern.  
Mem dy hie him wer fan har mem  
dat wie him oan te sjen.

Ús Hindrik sei: "ik bin de âldste",  
dy klok komt my aanst ta!"  
Mar Hiltse wie ek net fan juster:  
"Dy klok wol ik graach ha!"

Doe ,moasten jo ús Frearkje hearre  
mei in bek allyk in skjirre,  
"Ik draach de namme fan ús beppe!"  
sei doe dy skerpe nijrre.

Se kreauden en skreauden heislik lûd,  
mar memke dy sei neat ...  
Jehannes sloech de earmen wiid:  
"Ik skop him yn 'e sleat!"

Mar op in dei ferkocht 't âld mins  
har âlderwetske klok.  
In antykman bea har jild  
en mem joech him gelok.

Ús Hindrik komt net mear by mem,  
hy mei har net mear sjen,  
ek de oaren ha 't nijs der ôf,  
sa giet it faak mei bern!



Oernomd ut Tichelwurk

---

## De Alvestêdetocht

---

Op Pinkstermoandei 10 juny riden krap oan 15.000 dielnimmers de fyts Alvestêdetocht fan 235 kilometer.

Ek ús kritelid Marinus Leenstra hat de tocht riden. Dizze tocht, fertelt Marinus, wie in tocht mei moarns rein en in pûster wyn fan Boalsert oant Dokkum ta.

Dernei kaam de sinne en koe hy opdroegje. It lêste ein, fanôf Aldemardum, dernei Starum en Hylpen mei de finish yn Boalsert, wie in dreech ein want de wyn helle goed oan.

Foar sa'n tocht moat in soad treend wurde. Dat docht hy hjir yn it Westfryske lân. Marinus kaam moai op 'e tiid yn Boalsert werom. Hy hie gelokkich gjin lekke bannen, mar die wienen der genôch. De organisaasje hie de hannen jûns let fol oan it út de tocht heljen fan dielnimmers dy't te let yn Starum oankamen.

De tocht is gjin wedstriid. Men mei net hurder as 25 kilometer yn 'e oere. By in oantal stimpelplakken wurdt dit kontrolearre. In fraach is hoe faak hy de tocht fyfst hat. Hy moat efkes tinke en seit dan dat hy 37 kear offisjeel opskeare is.

De earste racefyts wie in moaie nije Fongers. Dy is letter ynruile foar in Koga Myata, in lichtgewicht racefyts. De Fongers is in oantinken en wurdt bewarre. Dizze fyts is sawat antyk, tinkt hy.



Ek frege ik noch wat foar iten hy meinimt. Marinus fertelt dat hy in pûde fol mei broadsjes meinimt, rezinen ( foar de sûker) en in bidon mei AA drink. Yn Dokkum hâldt hy altyd skoft, in fêste tradysje fan him. Dêr in bakje kofje mei appelgebak. Dan hat hy al trije oeren op 'e fyts sitten.

Fan Marinus hear ik ek dat hy de Alvestêdetocht ek al trije kear op redens riden hat. Nammentlik yn 1985, 1986 en 1997. Wy prate der oer en hy fertelt dat it spitich is dat it al wer sa lang lyn is dat de lêste tocht hâlden wurde koe. Men wurdt âlder en dan wurdt it dreger. Marinus is noch altyd lid en hat in moai leech startnûmer. Hy kin as de tocht útskreaun wurdt moarns al hiel betiid starte.

## *DE ALVESTÊDETOCHTEN WURD SJOEN AS IN SAAK FAN KULTUER, FOLKLOARE, TRADYSJE EN PRESTAASJE.*

---

In Alvestêdetocht kin men ek rinne. Dat is net syn favoryt, mar dôchs hat hy dat ien kear dien. Dizze fiif deiske tocht fan 207 kilometer hat hy yn it jier 2010 rûn. De tocht wie tige gesellich en men kin genietsje fan it Frysk lânskip, de stêden en de doarpkes. Hy fertelt dat ûnderweis by it rinnen men mei in protte minsken in kontakt komt, faaks prachtige ferhalen heart en dat hawwe jo net op de fyts.

As men de 3 eveneminten, fytse, reedride en rinne, folbrocht hat, dan komt men yn oanmerking foar it Brevet. Dat Brevet is Marinus útrikt yn 2011 troch Jorritsma, de Kommissaris fan de Keninginne.



Wij, fan de Fryske Krite yn Hoarn, hoopje dat Marinus de fyts Alvestêdetocht noch faak yn sûnens folbringe mei!

Ferslach troch Renske Nauta

---

### *Douwe Egberts punten*

---

In protte minsken sparje noch altyd Douwe Egberts punten. Dizze waardepunten meie ek foar goede doelen brûkt wurde. Ien fan de doelen is kultuer, lykas in Fryske Krite.

Derom wol ús Krite Hoarn ek meidwaan oan it garjen fan dizze

waardepunten De krite kin dan produkten krije foar dizze punten en dat stipet de krite.

De waardepunten kinne jo ynleverje op de kritejûnen, by de yngong fan de seal stiet dan in doaze.



Nimme jo de punten mei nei de kritejûn?

---

## *De wurklist winterskoft 2019-2020*

---

27 septimber 2019	Jiergearkomste
26 oktober 2019	Teater: Klún & Knoffelhakke
18 jannewaris 2020	2e grutte jûn: .....?
28 febrewaris 2020	lytse jûn.....?
21 maart 2020	3e grutte jûn.....?

## ***Frysk Boun om utens*** **Moetings- en** **Ynspiraasjemiddei**

Sneon 16 novimber 2019

Yn it Multifunksjonele Sintrum "de Kiekmure"

Tesselschadelaan 1, Hurderwyk

Ynrin fanôf 12.30 oere

De jûns binne jimme fanôf 19.00 oere wolkom by de krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk – ek yn de Kiekmure.

It toanielselskip "Fleurich fierder" fan Jobbegea bringt it stik 'It deiboek fan Tinus Teckdel'.

Mear ynformaasje te krijen by skriuwer Jan Vogel.

---

## *Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)*

---



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.  
En bûnzje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.  
It Fryske lân fol eare en rom.  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wêz jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,  
In grien, in krêftich bloeijend leat!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!  
Klink dan en daverje fier yn it rûn.  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

---

## ***Bestjoer Fryske Krite Hoarn***

---

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries  
Till.: 0227 501050  
e-mail: [ak.dijkstra@quicknet.nl](mailto:ak.dijkstra@quicknet.nl)

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra  
Till.: 0229 211749  
e-mail: [ddhoekstra@kpnmail.nl](mailto:ddhoekstra@kpnmail.nl)

Ponghâlder<sup>1</sup> en  
lede-administraasje: Popke Slange  
Till.: 0229 234881  
e-mail: [pslange@icloud.com](mailto:pslange@icloud.com)

Skriuwer: Jan Vogel  
Till.: 0229 234012  
e-mail: [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Till.: 0229 263735 e-mail: <a href="mailto:jetskeleenstra@me.com">jetskeleenstra@me.com</a>	Renske Nauta-Haagsma Till.: 0229 237267 e-mail: <a href="mailto:dirkrenske@gmail.com">dirkrenske@gmail.com</a>	Harmke Burggraaff-Adema Till.: 0229 238284 e-mail: <a href="mailto:harmke.burggraaff@quicknet.nl">harmke.burggraaff@quicknet.nl</a>
---	---	--

Eareleden: De hear Popke Slange  
De hear Eppie Kloezen

---

Lief en leed: Tine Bouman-Westra,  
Till.nr. 0226-353385



---

<sup>1</sup> Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn